

Mattéus 25: 1-13

1 Dan sil de hearskippij fan God krekt sa wurde as tsien fammen, dy't in kear mei harren lampen derop útgien wiene om de breugeman temjitte. 2 En fiif fan harren wiene sufferts, en fiif ferstannich. 3 Want de sufferts hiene, doe't se harren lampen meinamen, gjin oalje meinommen. 4 Mar de ferstannigen hiene oalje yn 'e krúkjies meinommen, elk by har eigen lampe. 5 En doe't it nochal oanhold mei de breugeman, wiene se alle gearre slûch wurden, en se leine te sliepen. 6 Mar midden yn 'e nacht klonk der in gerop: Sjedêr de breugeman, gean derút om him temjitte! 7 Doe waarden al dy fammen wakker en se túgden elk har eigen lampe op. 8 En de sufferts seine tsjin 'e ferstannigen: Jou ús wat fan jimme oalje, want de lampen geane ús hieltyd út. 9 Mar de ferstannigen antwurden: Noait in kear! Dan is der lang net genôch foar ús en foar jimme! Jim kinne better nei de ferkeapers ta reizgje en keapje dan foar jimsels. 10 En doe't dy fuort wiene om noch te keapjen, kaam de breugeman, en dy't klear wiene, giene mei him nei de brulloft, en de doar waard tichtdien. 11 Mar letter kamen de oare fammen ek, mei it sizzen: Hear, hear, doch ús iepen! 12 Mar hy antwurde: Jawier, ik sis jimme, ik ken jimme net. 13 Dat, bliuw wakker, want jim witte de dei net en sels net de oere.

Dizze bekende gelikenis heart fanâlds by de lêste sneinen fan it liturgysk jier. Noch op basis fan 'e Steate-oersetting wurdt er meast oantsjut as 'de wijze en de dwaze maagden'. Yn it Frysk hearre jo ek noch wolris 'it ferhaal fan de famkes mei de lampkes'. Elk wit dat der tsien famkes wiene, dy't ferdiel wurde yn twa groepen fan fiif.

ûnwiiis, dwaas, sleau, dom of

Wat binne dy twa groepen fan fiif? Dêr hawwe de Fryske oersetters al hast 200 jier mei wraksele. It iene Grykske wurd, *fronimos*, betsjut 'ferstannich'. Mar it oare, *môros*, is sa maklik net yn it Frysk oer te setten. It betsjut net in te min oan ferstân, mar it ferkeard brûken fan it ferstân - wat fanâlds yn it Nederlânsk 'dwaas' wie, dêrfandinne de 'dwaze maagden'.

Halbertsma, de earste Fryske oersetter fan Mattéus, brûkt dêrfoar it wurd 'ûnwiiis' - neffens it Wurdboek fan de Fryske Taal in wurd dat hy foar it earst brûkt. Grut kâns, dat er it dus sels betocht hat, want yn 'e literatuer nei him komt men hast al net mear tsjin. Wumkes en Folkertsma nimme yn 1933 'dwaas' oer fan 'e Steate-oersetting, dat yn it libbene Frysk eins net foarkomt. Buma brûkt yn 1994 'dom' - dat it krekt net is, want ien dy't dom is, dy hat no ien kear net folle ferstân. De oersetting fan 1978 hat: 'Fiif fan har wiene ferstannich, fiif net' - en dy lêste fiif wurde letter oantsjut as 'sleau', dat it ek wer krekt net is, mar wol dúdlik oanjout dat wy yn it Frysk sa'n adjektyf domwei net hawwe. Dêrom haw ik keazen foar 'sufferts' - want dat is wat wy sizze tsjin ien dy't it ferstân wol hat, mar net brûkt. It is ek it skelwurd dat Jezus brûkt yn Mattéus 5, 22.

keninkryk of hearskippij?

Dy fiif sufferts wurde, mei de fiif ferstannigen, brûkt as byld fan - ja, wêrfan? De tradysjonele term is it 'Keninkryk fan God' of it 'Keninkryk fan 'e himel' - sa't wy it yn alle fjouwer de Fryske oersettings fan Mattéus oant no ta tsjinkomme. Mar dat 'keninkryk' is, sa't yn 'e teology fan it Nije Testamint al mear as 100 jier bekend is, yn werklikheid in 'keningskip' of 'hearskippij': it giet net om it plak dêr't God kening is, of de tiid dat syn hearskippij begjint, mar it feit: yn elke sitewaasje dêr't Gods regels werklik neilibbe wurde, dêr is Hy kening, en dêr is dus syn keningskip werklikheid. Dat teologysk stikje ynsjoch wol der by oersetters mar min yn: yn Nederlân hat elk it oer in 'keninkryk' of it ekwivalint dêrfan, allinnich de *Bijbel in Gewone Taal* besiket mei 'Gods nieuwe wereld' in stap fierder te setten. Mar ek dan bliuwt it wat fan 'e takomst, wylst it yn it Nije Testamint ek wat fan hjoed wêze kin: as ik no doch wat God fan my freget, dan jilde God syn regels, en dan is syn keningskip werklikheid. Dat haw ik besocht wer te jaan troch safolle mooglik it wurd 'hearskippij' te brûken. De gelikenis fertelt ús net wat der bart yn in beskate faze fan 'e

skiednis fan 'e wrâld, mar wat der bart as God it te sizzen kriget oer ús bestean. Dat teologyske gegeven haw ik besocht yn dizze oersetting syn gerak te jaan.

hoefolle oalje?

Tuskentroch: yn 'e oersettings is der in kwestje oft de fiif sufferts no hielendal gjin oalje, of net genôch oalje meinommen hiene. Mei ús moderne - no ja - oaljelampen sit der safolle oalje yn 'e lampe, dat oalje meinimme altyd it kerakter hat fan ekstra of reserve-oalje. Yn 'e Aldheid wie dat net sa: as jo de lampe oan diene - in soart teepantsje mei in lont deryn -, dan diene jo der oalje yn. Jo namen dus altyd in lampe mei èn in krúkje mei oalje - in lampe allinnich meinimme is sinleas. Ta myn grutte blydskip kin ik sizze dat alle fjouwer Fryske oersettings oan no ta de ferlieding wjerstien hawwe om fan dy oalje ekstra oalje te meitsjen - oars as bygelyks de *Nieuwe Bijbelvertaling*.

it 'aspekt' fan it sliepen

In wichtich taalkundich punt dat oant no ta yn bibeloersettings faak net genôch syn gerak kriget, is dat it Grykske tiidwurd hiel oars wurket as de tiidwurden fan 'e hjoeddeiske Westeuropeske talen. Dat binne yndied *tiid*-wurden: wurden dy't oanjouwe dat in hanneling of barren plakfynt yn 'e tiid, en ek wannear: no, earder, of letter. It Gryksk docht dat net, mar prissentearret in hanneling of barren altyd as in bliuwende tastân, as in saaklik feit, of just as in proses dat tiid yn beslach nimt. De tiidwurden binne yn it Gryksk eins *aspekt*-wurden - wannear oft it barren plakfynt, is in bykomstichheid en moat men faak út 'e kontekst opmeitsje. Yn it Gryksk út 'e Aldheid moatte jo dus yn elke sin en sels yn elke bysin yn it foarste plak neigean, hoe't de skriuwer ien en oar prissentearret: giet it om in bliuwende tastân, giet it om it keale feit, of giet it om in proses dat in skoftke duorret? Dat is in wittenskiplik ynsjoch fan noch gjin 100 jier âld, mar just dat jout reliëf oan 'e nijtestamintyske teksten, lykas ek yn dizze gelikenis: it meinimmen fan 'e lampen en eventueel de oalje, it slûch wurden - it wurdt allegear prissentearre as in feit en mear net - mar it sliepen wurdt nei foaren helle as in barren dat in skoft duorre.

Dus: se leine te sliepen, en dêr zoomt de kamera op yn. De NBV jout dat yn prinsipe goed oan, troch oer te setten 'De dwaze meisjes *hadden* wel hun lampen gepakt' ensafh., mar giet dan wer de fout yn troch te sizzen 'ze dommelden in'. Nee, se *leine te sliepen* - sa fertelt Matteús it, en dat jout de tekst just reliëf: de hearskippij fan God komt ús allegear oer it mad, en it giet der net om dat men jin net ferrasse lit, it giet derom hoe't men jin dêrfoar taret hat. Sokke dingen wiene de lêzer fan it Gryksk yn dy tiid fuortendaliks dúdlik, en wy moatte mei ús *tiid*-wurden yn elke sin en elke bysin dêrom tinke.

Datselde aspekt spilet nammers ek in rol yn it útgean fan 'e lampen: dat wurdt net beskreaun as in feit, mar as in proses, en dat kloppet: it binne gjin barnende lampen dêr't de oalje fan oprekket en dan giet de lampe út - dan wie it útgean prissentearre as in feit. Nee, it útgean is in trochgeand proses: dy lampen wolle net barne, mar geane *hieltyd* wer útgeane as men se besiket oan te stekken sûnder oalje - ja, dy fiif froulju wiene echt *sufferts*.

in pear details

Dat in goed besjen fan it Gryksk sowieso gjin lúkse is, docht ek bliken út it antwurd fan 'e fammen - se sizze net dat der *meskien* net genôch is, wat passe soe by in ekstra foarried oalje, mar *noait in kear* genôch - oalje foar fiif lampen is noait in kear genôch foar tsien.

Mar ek de lêste sin sit sa'n falkûle yn. Us sit allegear de útdrukking 'gij kent de dag noch het uur' yn 'e holle. Mar dat stiet der net. It Gryksk hat in wurd foar 'noch' yn 'e sin fan 'it iene noch it oare', mar ek in oar wurd, dat betsjut: 'it iene net, en sels net it oare' - en dat is hjir brûkt. Allinnich Halbertsma lit dat in bytsje útkomme, alle oare Fryske en Nederlânske oersettings dy't ik ken litte har op 'e doele bringe troch de tredysje. Mar der stiet: jim witte de dei net - en sels de oere net, dat wol sizze: sels al wisten jim de dei, dan noch wisten jim de tiid net, oftewol: der is *echt* neat fan te

sizzen. It giet der net om dat wy it *hielendal* net witte, it giet derom dat wy it *echt* net witte - en dat wurdt by wize fan sprekken yn in twatrapsraket oantsjut: jim witte de dei net - en al wisten jim de dei, dan noch wisten jim de tiid net. It Gryksk is sunich mei syn wurden, en seit faak folle mear yn in pear wurden as dat wy ferwachtsje - ek dêrom is it goed om hieltyd wer op 'en nij it ambacht fan oersetten oan te fetsjen.

in formule

As lêste: de wurden fan 'e breugeman, *Jawier, ik sis jimme, ik ken jimme net*, binne de oergong fan 'e gelikenis nei de tapassing. Fansels komt dy breugeman net persoanlik oan 'e doar, hy sit te feestfieren. *Jawier, ik sis jimme* - dat binne de wurden dy't Jezus sels hieltyd yn it Evangeelje brûkt om syn gesach yn tiid en ivichheid mei oan te jaan, en it is in ferwizing nei de eintiid. It is in formule mei in beskate betsjutting, en in formule moatte jo alle kearen gelyk oersetten, oars it gjin formule mear. Tiden hawwe tiden: de NFBO wie sa bot op 'e Fryske ferteltaal rjochte, dat er dy formule, dy't 29 kear yn Mattéus foarkomt, mar leafst op 13 ferskillende manieren oerset hat.

© Stifting FB21 / Liuwe H. Westra